

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

Ynhald

oktober 2023

Oan ús kriteleden en freonen	2
Ledeberjochten	5
Ferlotting en tagongsprizen	6
Viswijvenkoor Grietje Sprot	7
Koart ferslag fan de jiergearkomste	9
Musical De Tocht	11
De wurklist winterskoft 2023-2024	13
Gedicht	14
Frysk folksliet	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

Kvk. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Keninklyk Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.frl

Oan ús leden en freonen fan de krite.

Wat giet de tiid dochs gau foarby. We hawwe noch mar amper it 100 jierrich feest fan it Boun om Utens fierd en de jiergearkomste is ek al west.

No noeget it bestjoer fan de Fryske Krite "Troch de Tael Forboun" , jimme út foar ús earste grutte jun op sneon 28 oktober. Sa as wy wend binne yn it sealencentrum fan de Huesmolen to Hoorn.

Foar ús sille optrede It Hylper Viswijvenkoar "Grietje Sprot" út Hylpen {Hindelopen}. Hja fertelle en sjonge foar ús . Se hawwe de tradisjonele kostúms oan. Ferskate fiskersplakken oan it Isselmar binne fertsjintwurdige.

Se fertelle fan alles oer de rokken en de oare klaaiïng , de mûtsen en de sieraden. Ek de namme "Grietje Sprot" is hiel bysûnder.

Wat in fleurige jun sil dat wurde, mei al dy sankjes. Kom allegearre om efkes út it hjoeddeistige nei de tiid fan eartiids te gean en dan wer nei de tiid fan no. En genietsje fan de fleur en wille.

En dan hawwe wy mei in protte Friezen, oeral wei, op 16 septimber yn Swolle it 100 jierrich bestean fan it Boun om Utens fiert. In prachtige , sinnige dei en dy waard noch moaier, doe de Kommissaris fan de kening fan Fryslân, Arno Brok, fertelde , dat it Boun it predikaat "Koninklijk" krigen hat. Sa binne wy allegearre, as leden fan it Boun , in bytsje

keninklik wurden. Wat hat it bestjoer fan it Boun , mei in jubileumkommisje , in stik wurk fersetten. Sa'n slagge dei , foar al dy Friezen om utens, der meie se grutsk op wêze .

Op ús jiergearkomste fan 22 septimber, wier it jûns strie min waar. Mar de leden dy't der wiene, seine dat it goed gie mei ús krite. Marga Lont út Hippolytushoef ,fertelde oer it berop fan ymker. Tige ynteressant. Se hie lekkere huning mei en der binne hiel wat potsjes ferkocht.

Al mei al waard it aardich nei 22.00 oere en moasten wy de doar út. Tiid is tiid.

En no sjogge wy fierder de tiid yn fan dit winterskoft. Ek foar 3 febrewaris en 23 maart binne wy slagge om jimme wer moaie jûnen to besoargjen. En omdat it sa ticht byelkoar is, hawwe wy net in lytse jûn. As bestjoer hawwe wy ek ris tocht om op middei wat to dwaan as krite.

Troch de wike of op sneontemiddei. Bygelyks in stampopot buffet of sa. Liket it jimme wat of binne der oare ideeën, jou it oan ús troch.

Folle âlderen wolle der, foaral yn de winter, jûns net mear op út. Dat kin ik my begripe. By dei sjocht alles der wat makliker út.

En wy, ús leden, wenje fier út elkoar en dan is Hoarn in hiel ein.

Ek krije jimme dizze kear de kwitânsje oanbean. Want ja, sûnder kontribúsje kin nimmen bestean en komme wy net fierder. Alle bytsjes helpe. En sa is it ek mei ús ferlotting. Dinie soarget altiten foar moaie prizen. Tige soarchsum en in protte makket

se sels. Der binne wy bliid mei. Elts hat de kasten fol en dan komt in pak kofje, in stik tsiis of oranjekoeke altiten fan pas. Jimme keapje altiten goed lotten en der is it bestjoer jimme tige tankber foar.

No haw ik alles mei de pinne op papier setten. Mar Jan wol it graach typt hawwe en dus no efkes achter de computer.

Allegearre folle goeds. Wy hoopje in moai protsje minsken op 28 oktober nei de Huesmolen te krijen.

Minsken dy't in swiere tiid hawwe, winskje wy sterkte. Jou blidens en fertriet troch oan ien fan it bestjoer. Dan kinne ek wy der omtinken oan jaan.

In waarme groet ek mei út namme fan it bestjoer
Tiny Dijkstra de Vries



Ledeberjochten

Nij lid wurde yn 2023 / 2024 ?

Wat kriget men dêrfoar ?

De libbene krite “Troch de Tael Forboun” organisearret troch de jierren hinne in moai programma foar it winterskoft. In toanielstik, kabaret of in sprekker oer de Fryske kultuer of skiednis. Trije kear op sneontejûn .

De leden binne grutsk op it yn stân hâlden fan de Fryske Taal. Derom hoopje wy dat noch in tal minsken lid wurde.

Wa nimt in freon of freondinne mei yn oktober?

Ferlotting en tagongsprizen

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is 15,00 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 5,00 euro en foar **net leden 12,50 euro** mar de lytse jûn

is fergees. Opjette foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder , de hear P. Slange

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

Autoferfier:

Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel .

Op 28 oktober 2023 is de hear Vogel net beskikber foar autoferfier.

Lief en leed

Lief en leed berjochten kin Jo trochjaan oan ien fan it bestjoer.



Viswijvenkoor Grietje Sprot

Door het bijwonen van een optreden van het Harlinger shantykoor “Windkracht Tien” op 15 oktober 1993 werden een aantal Hindelooper vrouwen zo enthousiast dat ze besloten ook zo’n koor op te richten, maar dan anders. En één ding was zeker: ze wilden niet alleen zingen, het koor moest iets bijzonders worden. Ze voegden de daad bij het woord en al snel daarna werd viswijvenkoor Grietje Sprot opgericht. Over de naam van het koor hoefden de vrouwen niet lang na te denken : visleurster Grietje met de bijnaam Sprot had echt bestaan ; over haar bestond een vertaald lied van Molly Malone’s Cockles and Mussels. Dit lied werd wat uitgebreid en aangepast en een optreden begint steevast met dit lied. Er werd besloten om de werkkleding te dragen die rond 1920 werd gedragen in de Nederlandse vissersplaatsen aan de Noordzee, Waddenzee en toenmalige Zuiderzee.

Bestond het koor bij de oprichting uit 10 leden al gauw werd het aantal uitgebreid en momenteel telt het koor 20 leden.

Het brede Nederlandstalige en Friese repertoire bestaat uit liedjes over de zee en zeelui, vis en vissers, liefde, vreugde en verdriet van vissersmeisjes en -vrouwen. Elk koorlid verbeeld een plaats, niet alleen in kleding, maar ook qua naam. Plaatsen en namen als Jochine uit Paesens-Moddergat, Sijtje van Marken e.d. komen bij Grietje Sprot weer tot leven. Tijdens de optredens wordt er o.a. verteld over de klederdrachten. Op deze manier wordt er voor een stukje cultuuroverdracht gezorgd. Veel kledingstukken zijn oorspronkelijk en ook echt door vissersvrouwen gedragen, andere dingen zijn authentiek nagemaakt. Spakenburg, Marken, Volendam, Paesens- Moddergat, Arnhemuiden, Scheveningen etc. van alle plaatsen zijn de klederdrachten bijzonder en ook de klompen zijn bijpassend. Het ene paar is rond, het andere paar puntig, wel of niet beschilderd. Er wordt uit het hoofd gezongen. De begeleiding bestaat uit accordeon, soms trekkzak en concertino, fluit en ritme instrumenten.



Koart ferslach fan de jiergearkomste fan 22 septimber 2023.

Der wiene neist it bestjoer goed tsien minsken nei de Huesmolen kaem foar de jiergearkomste. De foarsitter kaem yn har iepeningswurd werom op de 16^e septimber doe het FBoU har 100 jierriich bestean fierde yn Swol en de kommissaris fan de Kening yn Fryslân mei it boadskip kaem dat it FBoU fanôf hjoed “Koninklijk” wie. It wie in tige slagge dei mei sa’n 230 gasten.

Mar de foarsitter sjocht ek foarút. Nettsjinsteande alles djoerder wurd ferheegje wy de prizen net. Hja wiist der ek op dat it somtiden lestich is om in Fryske toanielploech nei Hoarn te heljen.

We betinke it ferstjerren fan frou M. Kloezen fan Hoarn en de hear D. Bergsma fan Middenmeer.

Dernei rinne we flot troch de wurklist hinne.

It bestjoer feroaret net. Der binne gjin minsken neamt om in sit yn it bestjoer te nimmen sadat Popke op en nij ynhierd wurd. De ponghâlder hat syn best dien en is tûk op ‘e sinten. Dochs is de krite krapoan €800 efterút buorke. De ynkomsten rinne stadich efterút mar de útjeften rinne op. De sealhier wurd net minder en ek de toaniel ploegen wurde djoerder.

De rekkenopnimbers hawwe Popke net op flaters betraapje kinnen.

Foar de earste grutte jûn is it Viswijven koor Grietje Sprot ynhierd. Foar de twadde en tredde grutte jûn tinke we oan toanielselskippen. Der is gjin lytse jûn yn febrewaris.

Nei it skoft fertelt Marga Lont fan Hippolytushoef oer it berop fan ymker. Hja wit in protte te fertellen oer bijen, huning en blommen. Oan it ein fan har ferhaal ha in protte minsken in potsje huning kocht.



Musical DE TOCHT

In een Nederlandstalige muzikale theaterbeleving neemt Musical De Tocht je mee in het indrukwekkende verhaal van vijf vroegere schaatsvrienden die elkaar in de loop der jaren uit het oog verloren zijn. Maar in hun jongere jaren deden ze elkaar een belofte: als De Tocht ooit nog een keer komt, dan rijden we hem samen uit. Belofte maakt schuld, zeker aangezien één van de vrienden een geheim bij zich draagt, waardoor er veel meer op het spel staat dan enkel het halen van het kruisje.

Is de band van vroeger sterk genoeg of verliezen ze op de Bonkevaart meer dan ze vooraf hadden kunnen bedenken? Musical De Tocht vertelt een verhaal van afzien, passie, verbroedering en keuzes maken. De Elfstedentocht als metafoor voor het leven. Vallen en opstaan, samen en alleen. Met indrukwekkende muziek, pakkende liedteksten en het ijzingwekkende mooie decor van de Friese elf steden.

Mis de elfstedenkoorts niet!!

Musical De Tocht begint al ver voor je in de theaterstoel zit. In de speciale 'Close App' wordt de elfstedenkoorts namelijk al weken van te voren aangewakkerd met als hoogtepunt de voorbeschouwing waarin Dione de Graaff, met onder andere Erben Wennemars, vooruitblijkt op de grote dag. Dit wil je niet missen!

Download de app.

Friso Theater

Praktische informatie en vragen over het Friso Theater, de voorstelling of het restaurant:
info@musicaldetocht.frl / +31(0)85 080 5508

Tickets

Neem voor vragen over tickets contact op met onze ticketingpartner Eventim op 0900-1353 (€0,60 p/m).

De wurklist foar 2023-2024:

28 oktober 2023	Viswijvenkoor Grietje Sprot út Hylpen
3 febrewaris 2024	2e grutte jûn mei De Lystse Komeedzje
23 maart 2024	3 ^e grutte jûn mei Pro Rege

DOUWE EGBERTS PUNTEN

In protte minsken sparje noch altyd Douwe Egberts punten. Dizze waardepunten meie ek foar goede doelen brûkt wurde. Ien fan de doelen is kultuer, lykas in Fryske Krite.

Derom wol ús Krite Hoarn ek meidwaan oan it garjen fan dizze waardepunten De krite kin dan produkten krije foar dizze punten en dat stipet de krite. De waardepunten kinne jo ynleverje op de kritejûnen, by de yngong fan de seal stiet dan in doaze.



Nimme jo de punten mei nei de kritejûn?

Hjerst

de wyn bealget
yn de beammen
west-súd-west fan see
swellen
tútsje it wekkere wetter
it bûtenwetter riist
as de floed fan de see
hjir en dêr
wurdt fan de fyts stapt
en stadich wurdt
de kâldklommer
ferskûle troch in kloft guozzen
yn fûgelflecht

Tsjêbbe Hettinga



FRYSK FOLKSLIET

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dize âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



Bestjoer Fryske Krite Hoarn

- Foarsitter: Tiny Dijkstra – de Vries
Till.: 0227-501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl
- 2^e Foarsitter: Douwe Hoekstra
Till.: 0229-211749
e-mail: ddhoekstra@kpnmail.nl
- Ponghâlder en Lede- administraasje: Popke Slange
Till.: 0229-234881
e-mail: p.slange@outlook.com
- Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com
- Oare bestjoersleden: Renske Nauta-Haagsma
Till.: 0229-237267
e-mail: dirkrenske@gmail.com
- Harmke Burggraaff – Adema
Till.: 0229-238284
e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.com
- Eareleden: De hear Popke Slange .

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn